



Gepke, sonder mofven oan nei 't sindingsfeest to Feankleaster : in skildery nei 't libben

<https://hdl.handle.net/1874/233693>

mm 010103

GEPKE,

SONDER MOFVEN OAN

nei 't Sindingsfeest

TO

FEANKLEASTER.


In skildery nei 't libben,

FEN

T. G. VAN DER MEULEN.

PRINTE TO LIOWERT BY

P. VAN DER SLUIS VAN DEN BOSCH.



160.8.47

G E P K E,

sonder mofven oan

NEI 'T SINDINGSFEEEST

TO

FEANKLEASTER.

In skildery nei 't libben,

FEN

T. G. VAN DER MEULEN.

—
PRINTE TO LIOWERT, BY

P. VAN DER SLUIS VAN DEN BOSCH.

BIBLIOTHEEK UNIVERSITEIT Utrecht



3057 181 8



G E P K E ,

**sonder mofven aan nei 't Sindingsfeest
to Feankleaster.**

»O hearink ! hwet hab ik nou hwet nys to fortellen , ús Gepke scil moarn nei Feankleaster !”

»Hwet scil dy nei Feankleaster dwaen?”

»Nei 't sindingsfeest , begrip je dat net?”

»Ei nou hwet scil Gep dèr hinne dwaen? dat is ommers in spil foar de frôme lioue, hwet het Gep dèr to meitsen ?”

»Dat mei jo wol sisse , ik hab 't ek sei'n, mar wit jo ? hia nait tiisdei 's by Hepkes , nou Hepke en de frou , dat ken jo tinke , as dy er net kaemen scoeden er twa to min komme , en fen sels den mat hiar dochter wol mei , en Hiltsje het in bedroed bitsje aan hâld , nou woe dy wol ha dat Gep mei ried, den hie se ien dèr se mei kuijerje koe , sonder to hieltiid heit en mem as in jonge houn nei to bongeljen. Sa is 't spil oan 't roljen rekke , fen sels it kostet Gepke neat mat jimme tinke; ik sei nou : as 't dou er sîn oan heste hawar den mat it mar ha , mar nou het se gjin mofven , en fen sels Hil set it seil moarn sa heach as möglik is , nou wol Gep ek graech mei dwaen sa goed as se ken , ha jou no ek in pear mofven to lien ? as ben 't mar ketoenen as 't mar hwet liket.”

»Min lieave sloof, ik ken je net helpe , ik ben oars gjin mofven rik as dy 'k winters oan ha as 't kald is , en dat benne wollen. Ik hie oars yet in pear katoenen , dèr 'k mei op begrafvenisse wèst ha fen Doekom , mar dy ha de rotten op fretten , amper oan sa gau as de roue oer Doekom út it hert wier , ha 'k sei'n.”

»Ja to deale om in erfomke rout me net lang. Mar den

ha je gjin mofven? hawar! wy ken hier ek gjin krye en domeny's jufvrou het oars net as learen, en sa'n menske wol j' er ek net om oan. Dan mat Gep sonder mofven nei 't feest."

»En den is se yet tûsenkear moaijer as dy mitige Hyl mei al hiar franjes."

»Nou, it is min dochter, mar ik hab it ek sei'n. Ik sei dou mei din smel carrizer keist' wol ût tsjin hiar mei in breed mei juwelen in 'e knoppen. Mar ik ha min boadskip dien, 't is al wer net oars Gep mat er mar troch slaen. Goeden joun!" »Ek sa, jo matte sisse dat Gep ús skielk ris mei diele mat hwet reis as se hawn het."

»Dat scil se wol dwaen wolle."

Dit petear hieden Houkje en Sjoukje. Houkje in skoalmasters widdow dy hiar man gau forlern hie, en do sitten bliou mei ien famke. Mei in bitsje hie se leard roun to sparteljen, mar hia wier mei eare sa fier kaem dat Gepke, hiar dochter, skroar en great warden wier. En Gepke wier wrichtich in bisonder knap faem werden De trou dèr Houkje nou mei praete wier Sjoukje hiar burwiif, in timmermansfrou, fleurige knappe lioue mar sonder bern. Mear ha wy er net fen to sissen Hwent dat disse mensken net oan de alte leare hingen koeden jimme oan 't praat like goed fornemme, as dat Gep gjin mofven to lien krye koe.

Nou matte wy yet sisse hwet man as Hepke wier. Hepke wier in fornaem eigenerfde boer. In man dy de ouskiëdene leare tsjinne hie, mar hy wier troch domeny Vox, en domeny fen Dik, ta in oar insjen brocht. Hy wier nou in man dy de herforming in de tsjerke sochte, troch it nye dèr ût en it alte dèr in to bringen. Hy stipe de kristelike skoalen, en de inriuchtingen fen Van Dik to Doetichem. Sels hie er al is mei Groen fen Prinsteren praat do dy yet libbe, en Makay hie er al is spritsen. Hy wier rik en seach heach by him sels op, ek hie de orthodoxe party him in de ried stimd. Hy wier in man fen bilang, en waerd nou hier en den dèr nôge dèr forgearingen halden werden in 't bilang fen hiar tsjerke en skoalen. Sin wiif wier sa de man woe, hia wier er earm in troud en hie net folle to sissen. De lioue hieden mar ien dochter, dat wier hiar pop, en as popke waerd se trocdele en great brocht. 't Bern wier troch de swietekau oan in bidoarne mage rekke, nou sukkelse folle, wier wit en

geisich, en op achtsjen jier in ald wiif fen holle, mar siuch de pronk mast dat wer goed meitse, en de pronk! to deale der wist' se fen. Nou, by disse lioue naide Gep, en sa waerd se nou, mear út help om Hiltsje op it feest ta'n spilfaem to wèsen, as wol út friùnskip frége om moarn mei nei 't sindingsfeest to ríden. Hwent skoalmasterske en hiar dochter wieren aan de moderne side, der stie'n se foar bikend, dos alhiel nen mînsken nei Hepke's herte. Mar hwet scoe me. Hiltsje mast doch hwet selskip ha.

Men rekke op reis en wol hiel betiid. De locht stoe donker mar 't waer like jist net sa min. Gepke wier trinten mar Hiltsje wier moai. Hiltsje hie in griissiiden jupe oan mei wit ho folle tureleurkes dèr op en der oan. In wite kraech in trudels by de hals op, en dèr in bloedread siiden lint om hinne. In swart kanten mantel of borstreach om 'e lea, en in kîp op, dy wol twa in tweintich goune koste hie. In wite sluijer der oan by de reach del, en in echt kanten mûtse oer it eariiser mei juwelen in de knoppen, en liocht griene gledlearen mofven oan. Gepke hie in donker griene jirk oan, ja sa donker dat it hast swart like, mar dy er sonder folle tierelieren eptich omsiet, en sonder to slepen, goed lang wier. Den hie se in swart siiden mantelke om, dat fen foaren foar 't borst omteard en iepen wier, dèr kaem in wit kraechje allik fen dat fetsoen út, dèr in lintsje oer, en sa kaem men hiar blanke fleurige hals to sjen, as waerd dat gesicht ek britsen troch in lieaf lits slotsje oan in gouden kettingje. Op 'e holle hie se in knappe flodder oer 't smelle eariisder, en in wit kîpke op, wèr fen it moaije in de ienfald fôun wirde mast. Dealis dat se gjin mofven hie. Mar it wier sa, en it kaem to onforwacht op om se fen Liouert komme to litten, en in 't litse dorpke dèr hia wennen wieren gjin to keap. Hiltsje hie möglik wol in pear hawn, mar dèr hia om to freachjen gong Gep in hia eare, ek wie se — om de wierheit to sissen — fisi fen Hiltsje Hiltsje gniisde do se seach dat Gep gjin mofven hie, hia sei er neat fen, mar hia tochte: »ik ben al moaijer as dou.»

Dèr ried me hinne. In moai fordekte wein en twa hînsers er foar. Op de foarste bank Hepke en de vrou

Hepke mei swart siiden mofven oan, en in polka hoed fen 1877 op, en sin wiif mei giele mofven en in jupe fen zwarte siide oan, en sa den it ien nei 't oare.

Ester in sieten Hiltsje en Gepke.

Omdat se betiid op reis masten hie Gepke by Hepkes thee dronken. It lèsen in de biibel wier troch de drokte oer gien , mar dèr foar hie de boer in 't gebet forjisjenis frege. »Heare !” hie er sei'n »vergeef 't ons om uw zoon's wil , dat we op reis gaan zonder uw heilig woord tot onze zielen te doen spreken , gij weet Heare dat de liefde voor uwe dienst ons in dit morgenuur drijft.” Dat wier oars mar jist wier, hwent it pronkjen fen de frouliu die't dat it biibel lèsen oer gean mast Gepke tochte sa by hiar eigen ; dit wirdt je mar wîs makke Heare.”

In tromp mei iten kaem er mei , en foar onderweis hie vrou Hepke in goed pûdvol allerlei , en Hiltsje in pûdvol uleveltsjes en sokke dingen. Men koe aan 't koachjen blioue , as 't net praete woe. Mar praete woe 't ek. Hepke koe Gepke tûsen dingen fortelle , ho er 't hàn hie do er foar itelike jieren by Groen van Prinsteren west wier , en hwet er sei'n hie op in forgearinge hier , en ho er gelik krije hie dèr , en ho de saek des Hearen binnen kort triomphearje scoe. Gepke spile den mar fen »o heden” , en »ja wol” en den wier se mar bliid dat men wer ouliedinge foûn troch allerlei of uleveltsjes. Stiens wier de eerste plâsterpleats. Men halde by Blaam. Dèr hie Gepke al is earder west , hia hie to Stiens is ûtsenhûse , do hie 't komeedsje selskip dèr spile. Dèr doarst Gep likwols neat fen sissemocht to sondich fôun wirde. Do se dér onder in de jachtweide sieten wilst it riou in de trochreed wier , kaem it de vrou in 't sîn dat se dèr yet in nicht wenjen hie , dy woe se wol efkes wite wèr wenne. De kastlein wist it nei hwet biried , en do blikte it dat dy in 't earmhus wier , of er nei oan ta.

Hepke wier nidich dat sîn wiif sokke formilje er yet op nei hâlde , mar de koegel wier nou troch de tsjerke , hy mast er nou mei great hear to spiljen tröch , him tochte dat as sîn vrou en sîn dochter dèr efkes sjen woeden , dat scoe wol goed wèse foaral as se dèr mei kaemen , en sa triou er sin wiif twa rîksdaelders ta , to sissen sa dat me dit wol opmerkte. Dat mast den ha. Hiltsje woe wol mei , om Stiens al earst út to striken mei hiar preal fen hioed. Hepke bliou met Gepke in de herberg. »Dit is hier in knap spil Gepke he ? »sei er.” Ik hab it yet kend dat er om sa'n herberg hierc net tocht waerd , dou mast ek ris boppe

sjen faem, kom ris mei” Gepke folge de boer, en hia tochte sa oan it nocht dat se dèr smakke hie. ”Ja sei se, ik hab hier al earder west, do wier ’t komeedsje; hier wier do it toneel, O! wat wier er do in folk.” »Haldste fen sokke dingen?” sei Hepke, »Ja” sei Gep »as ’t moai giet mei ’k it graech sjen.”

»Wotte wol leue”, sei Hepke, »dat stou in lieaf bekje heste? Dou bist’ net fen min miening in ’t gelove, mar in ien ding siste wol mei my in stimme, en dat is dit; dat tütsjen swiet wirk is.” Hiermei slacht Hepke sin hænnen om Gep, en scil er hiar tütsje, mar Gepke seit: »Mar noait mei sa’n smoarg ald kearel”, en dèr mei flocht se wer op de trep oan. Mar Hepke is hiar to gau. Hy gript hiar, en seit: Gepke fanke swy, it moeit my, de fyan wier my to folle māns, forjow en swy, meitse gjin spil.” Sa rekken se wer by de treppen del. Of de kastlein it mirken het nè of ja dat wit ik net. Gepke bliou bidaerd, en do de frouliu er wer wieren, rieden se fierder, mar alle trye hieden se er nìget oan dat Hepke nen wird mear fen geloof en riuchtsinnigens repte, mar allerlei kortswilligens hie, en sin wiif mear lieave werden jowch as ’t sloof troch in dei wend wier.

Fen Stiens ried men in ienen troch nei Birdaard. Hier mast men wer stilwèse. By Steenhusen in de trochreed, en de frouliu in de rûme jachtweide. Hier wier Hepke as in fisk in ’t wetter t’hus. Siuch hy wier lid fen de rie, de kastlein wier ’t ek. Wol wier de kastlein in nyliochter in ’t each fen Hepke, mar doch boppe miening en gelove wekke hy mei de kastlein for ’t lok fen ’t menskdom. Ek koe sin frou him hier net fornederje troch oer in earme nift to bigjinnen, en hy rekke net wer in de forsikinge lik as to Stiens. Fen Birdaerd ried men nei de Geast. Hier liet Hepke sin kennisse wierje troch hiar to sissen wer it Klearkampster kleaster alear lein hie, en dèr wist er de les by to föechjen, dat trouen it famme sin mear flyt as ’t non wesen. En do er dat sei seach er Gep oan, as woe er sisse: dou bist er to minsten to goed for. Gep wier earst hwet stil, mar mei ’e tiid tochte se: lit mar waye, mar ik scil om dy tinke frome baes. To Rinsumageast halden se net. »Rinsumageast” sei Hepke, »is ien fen dy dorpen der men bliid is dat men wèst is om er noait wer to kommen. It is libben, mar as in fisk in ’t kear, it komt gjin grewel fierder. By

Sikkema to Ikkerwald wier 't honk. Likwols mar in ander, en foar de doar. De frouliu kochten er for aerdichheit foar in skelling swinemaegeen, dy men dèrre op it treflikste fint. »Bûten de swinemaegeen is in Ikkerwalde weinich dat habben wirdich is,” sei Hepke wilst er Gep oan seach, Gep lake, me sei de kastleinske moarn en ried nei Driesum. To Driesum hie Hepke boadskip. Hy mast nei de skoalmaster. »Hea” sei Gep, »dèr ha'k wol ris fen lèsen.” »Fen dy skoalemaster?” frége de boer. »Ja” sei se, »die skrieut friske boereboekjes. O, ien is sa aerdich, dat hiet: de wilde lan-tearne, der stiet in ho me it ha mat as men jin fryer sjen wol.”

»Ho mat men dat den ha?” freget Hil, dy 't wol freachje mochte, om hia hie weinich lèst fen de fryers.

»Ik wol it wol sisse”, sei Gep, »mar o it is sa mäl; dan mat me as me jouns op bêd giet de hoasbannen in 't krûs oer 't holkessen lissoen, en den mat me sisse:

Op deze banden die ik leg

Op deze woorden die ik zeg,

Is er een zoetlief voor mij in 't leven,

Dat dan de Heer mag geven —

Dat ik hem zie hoe hij staat,

En hoe hij gaat,

Al in zijn dagelijks gewaad.

En den siucht men him, of in deakiste. Ha! ha! ha!
Hwet sis jimme, is 't net mäl?”

»Ja wol is 't mal”, sei vrou Hepke, Hiltje sei it wier grappich, en Hepke frege of Gepke oan sokke dingen leaude?

Gepke sei: »Eergusteren maar vandaag niet” sei jufvrou do se hiar fregen of domeny wakker stedeare, mar sa giet it my mei it leauen oan sokke dingen, en sa lgiet it dy Driesumer master ek mat jimme tinke, mar hy skrieut sokke stikjes op om sjen to litten ho bigelovich de mensken yamk benne.”

»Ja” sei Hepke »mar dy master dy jou miene dèr mat ik net wèse Gepke. Dat is in forkearden fanke, dy praet oer de Heare noch sin care, dat is ien—ja siuch de Heare ken him bikeare, mar oars! de Himmel scil er net foar iepene wirde. Né menske, ik mat by d'oare skoalmaster wèse, by de master fen de bisondere skoale. Dy skoale steun ik en mat ik hanhavenje. Dy master is m'n friùn. O ik hab hier sa'n friùnen wenjen. Dèr ha jo bigeliks de foarige borgers-

master, och fanke, ik wol er net hinne gean nou, hwent as er t'hus wier, woe er my hioed net wer gean litte. Sîn siele to raent in miners, sa hingje wy oan en or."

Mar hiermei wieren se oan de herberg ta. De frouliu frégen en kop kofje, Hepke naem in bramboaske dat friske hwet op, sei er, en roan nou nei de nye master. Mar hy kaem daelk werom, master, hie me him wîte litten, wier net to sprekken. Hy is fêst ût west, sei de boer. »Ja» sei sîn wiif, »of it wier er onwaerich." »Ho kom j'er by?" sei Hepke. »Omdat it yet jonge lioue benne" sei de frou.

Hia laken er ris om, mar rieden flink fierder, en sonder plasterjen oer 't Husternoard, in ienen op Feankleaster oan.

»Hwet in mensken! hwet in mensken!" rôpen se, do se neyer kaemen. Hepke woe bipaeld in de herberge útslean, en net by de boeren. Hy hie dèrre foar in jier mennich, mei sîn gesin en mear oaren ris en dei wést en er folle fortard, en fen de hospes in bulte eare krije, hy tochte as er my wer siucht, den siucht er daelk dat it ien is dy er wèse ken. Hia rieden stapsvoet by sîden it slot de merke lâns, en Gepke frège do se dy wafvelkoekskream seach: »Heart dit ek by 't sindingsfeest?" »Ik tink it al", sei Hiltsje. Hepke koe neat sisse, dy mast op mennen passe, men koe hier hast op 'e hollen gean. Men kaem by de harberg, de feint fleach linich op hiar oan, en do de baes ek. Hepke seach him oan en dy sei: »Is de kastlein net by de wirken?" »De kastlein stiet foar jou", sei Koopmans. »O so", sei Hepke, »den is 't hier foroare, ik hab er in oaren kend." Ja, sa wier 't ek, dy hie 't spul forkeape, it wier nou disse man siners. Disse foroaringe moeide Hepke, mar sfuch nou earne oars gean jowch gjin pas. En de minsken liken best.

Sa wier men den to plak. De hinsers rekken in 't lân en de mensken in de bosk.

Nou hawar, do Gepke, nei dat de boer hiar in programma jown hie, de moaye tûn in kuijere, te mids fen sa folle mensken do mast hia dochs sisse: hearink hwet is dit moai."

It wier moai, mar foar hiar dy amper oan nearne kaem wier it dubel moai. By Beets koeden se nen plak sfne. Hepke roan ek net sa bisondere heach mei dy man. Sîn wirken hie er net lësen, mar dèr wier him sei'n dat Beets troch de modernen ek heach skat waerd, nou it wier fen sels, dat de man den onmôgelik súver in 't stik der ienige en eeuige

wierheit wèse koe Nimmen ken twa hearen tsjinje. Hia kuyeren fierder. De boer mei sin vrou foar, en de beide fammen efter, en Hepke tochte, it wier of elts hy hiar seach sa sei: Dat is ek gjin smeldöek. By de twade praetpleats mast men de sprekker mar ouwachtsje, tochte Hepke.

Hia gongen fen 't paed ou by it gërs del, om de preekstoel in de lichte stoe.

Hepke foun al ringen friûnen, en den wier it: »Dèr ha wy menhear Holbomma, ho giet it?» Den gong it op in praeten oer 't maatschappelik lok. Nou Hepke koe fen disse en jinge wet in artikel, en den wist er 't altiid sa to drayen dat just dat artikel er by oanhelle waerd. Den tochten en seien de friûnen: »Dy kearel is fordormde tük.» Soms frege men ek wol: »Ben dit jo vrou en dochters, menhear Holbomma?» »Ja min vrou is 't wol, en dit is min dochter,» den wiisder op Hiltsje, »mar dit is ûs skroar, dy hie r'is sin oan om mei», en hier mei seach er nei Gepke. Den tochten de lioue: wol nou de skroar is moayer as de dochter, mar hia seien: »Nou jimme kenne foar 't liocht komme.» Den sette Hepke in pear tomme ût fen wege sin fieling fen eigenwaardye.

Dèr kaemen al mear en al mear mensken om de prekpleats, it waerd in gekring fen kom sa, en sa spande it om by en or to bliouen. Hiltsje en Gepke rekken fen de alde lioue ou mear nei de lichte. En ek rekken hia wer in eintsje ten in or ou. Hiltsje kaem moai foaroan, mar Gepke rekke twisken in heap manliu in. Dat sloof, hia koe foarût noch to bek, en as hia foarût seach, seach se in manspersoon in e gledde nekke, mar it wier sa, domeny Knotnerus bigoan, men mast stil wèse. Gepke hie fen Hepke in programma krige, dat hie se in de hânnen mar 't siongen kaem net folle fen, hia hie gjin romte om it to sjen. Sa stie hia mei dat boekje in beide hânnen op it boarst to harkjen. It manspersoan dèr foar hiar hie 't ek net rûm en dy slöech fen forlegenheit de hânnen efterom, en tafallich roerden dy hânnen Hepke hiarres. Hie se nou mar mofven aan hawn den hie er neat to dwaen wèst, mar nou fielde hia dy waerme feinte fingers. Dy fingers! — »Dou biste net forsein! — tochte Gep, »din hânnen binne goed waerm.» De feint tochte fen desgelikens, wier 't net binoud? De gelearden sisce dat wy wearliochtstof aan ûs ha, dy by 't beetkryen oergiet fen 't iene menske in 't oare. En wrichtich, it wie of it siûr wier

dat hier ût de hân fen Gep in dy feinte hân fleach. Hij seach om. Dy diwel! tocht' er; hwet in knap frommiske. Gep seach him oan, en dy tochte: to donder! hwet in knap feint. Likwols hy sei neat, en hia sei neat, mar as rikte hy nou yet tryris sa fier om hiar fingers yet ris to roeren, it roan mis. Gepke paste dèr foar op. Gepke wier in froed sédich fanke, as like de feint in knap feint, hy koe wol in troude jongeman wèse, dér by alle knappens is gjin deuchd, mar jimmer wer oan kaem 't hiar frèmd foar ho 't fielen fen dy fingers hiar sa oandien hie.

Hwet domeny Knotnerus mear preke, hwet minder Gepke dèr fen forstie, en mei dat er wer song wirde scoe kaem er sa folle geskommel, dat Gepke 'r ût wei wine koe, sa kaem se wer by Hiltje, hia sorge likwols dat se net wer nei dy feint seach, mar — dy feint paste wol op hiar. De preek wier ût en elts gong hinne. Om boer Hepke en 't wiif wer by to kommen, tredden Hiltje en Gepke feardich op.

»Sape! Sape! wer wotte sa hird hinne?» fregen in pear feinten oan hiar makker, dy oer sittende en lissende mensken hinne strampele, om foart to kommen. »Ik fin jimme strak wol wer», röp er, en hoepele mar op om Gepke in 't each to halden. Sin maeten wisten net hwet him miskeare.

Hy wier yet net botte fier dèr hie Sape hiar inhelle. Dat kaem sa. Dér sieten op in tunbank kennissen fen boer Hepke. Dy sprieken him oan. It wier fûskje en praete Sape sweefde it selskip as in skaed foarby. Yet ris seach er Gep in 't wèsen, en Gepke him. Hia waerd er mál fen en sloech it each mei skamte omleach. Do it petear ût wier en Hepke mei sin selskip fjirder gong, roan Sape hiar yet rls to miete.

Gepke seach him oankommen, mar sorge dat se him nou net oan seach. Jongel jongel hwet moeide it hiar dat se gjin mofven oan hawn hie. De feint wier likwols sa wiis dat er nou nei it selskip gong dèr Hepke mei praet hie. Sape frége oan ien, of er in sigaar oanstekke mochte. »Koeden jou dy lioue», sei er, »dy dèr nou krekt om de hoeke swaïden.» »Ja wol», sei dy man, dat in Frentsjerster wier, »hiel goed.» »Mei 'k wite» frége Sape, »wer 't se wenje en hwa 't benne?» »Stel jo möglik bilang in sin dochter?» frége dy man wer. »Tink er om friûn dat jo hiere benne en wèse matte foar de saek des Hearen, en net om fryerye.» »Né» sei Sape, »dy man sîn vrou komt my den sa'n bikend

wesen foar, dat ik wol stellich mien dat it yet in Nift fen mem is." »Soo" sei de man fen Frentsjer, »scoe de frou fen Hepke Holbomma familie fen jo wèse, den meiste dèr wol grutsk op wèse, hy is in stipe fen tsjerke en geloof, en in krest in 's Hearen hàn ta'n goede." »Soo Hepke Holbomma, Holbomma, de Holbommen benne my net frèmd, mar ik wit memme Nift hiar fan wol, dy skrieut hiar Leversmid." »Né de frou ken 'k net," sei de man. »Siuch ik döch in manufacturen, en hia benne min klanten en as ik den oan hiar leverje skrieu ik de mans namme op, mar de frou's net." »Dealis", sei de feint, »Mem hiar nift scoe hier hioed komme, mar wy ha gjin plak ten gearkomste bipaeld. Mar den is dat Hepke Holbomma fen..... ja wer seien je ek?" »Fen" sei de Frentsjerter wer, en hy naemde de pleats. »So" sei Sape »en den ben dat hiar beide bern, dat komt krekt út, memme nift het ek twa bern, twa dochters." »Nou den is Hepke's vrouw memme nift net heite, boer slepke het marien dochter, dy er mear by wier koe 'k net, mar ik gean, min selskip ek, farwol." Sa gong de man hinne, en Sape tochte sa: it komt goed: Ik ben wiisder noch. Hy socht sin maten wer op, hia frégen as er op in wild aventoer wèst wier, mar Sape swiige en ried de jôune mei sin friünen in derten wille, en mei in útlitten lochtig sin wer nei hûs. Dat wier nei efter Dokkum.

In dei letter krike Hepke Holbomma, »lid der gemeenteraad en landgebruiker te", in brief, mei op it adres: »en verders aan ZEds. dochter, in handen." Dat wier nea carder bard. Hepke seach fremd, sin wiit bisoude en Hiltsje trille. De brief waerd Hiltsje wyd en hia lies:

Mejusvrouw!

Ik heb het genoegen gehad U vandaag op het Zendingsfeest te Veenklooster te zien. Gij hebt een onverklaarbarend indruk op mij gemaakt. 'k Zou bisonder graag met U in nadere kennis komen. U kent mij niet, maar na informatie zult U, geloof ik, niets tot mijn nadeel vinden. Dat U de eenigste dochter waart van den heer Holbomma werd mij door een kennis van uw vader meêgedeeld. Hopende weldra uw naam en adres beter kennen te leeren, vlei ik mij, dat gij mij Saturdag avond a. s. zult willen verwachten. Na groete,

N...., den 25 Juli 1877.

S. NYAWIERIUS.

Fen sels, it lèsen fen dy brief gong Hiltsje allènne to nei. Heit en mem liesen it ek, en Hepke sei: »Dit is de vinger Gods, dy Nyawierussen habbe splint, mar — it benne liberalen.” »Mar dèrom mat Hiltsje him dochs net ouskrieue,” sei mem rimpfen. »Wel”, sei Hepke, »dèr is ek gjin spraeke fen, it fanke krîget nimmer sa hwet, en den iminen ût dat laech, ik mat sissem scoe er grutsk op wèse, mar hwet seit Hiltsje er sels fen?” »Ja”, seit se, it liket my wol moai ta, it moeit my dat my nou krekt wer de asem sa rûkt.” »Nou, 't is nou yet mar tongersdei”, sei't Hepke, »dit is juster ek mei pruimen de hiele dei lans gien, den mast dy hwet mye in dei of trye.” »Ik woe to minste wol”, seit de frou, dat ús bern d' oare sammen in 't gea ris in kroane op 'e kop sette.” »Dat ken trôch 's Hearen genade gau barre” seit Hepke. En de feint skint hwet mei dy opkrige to hebben, hy skrieut: *Gij hebt een onverklaarbarendindruck op mij gemaakt.*” »En dat wol 'k ek wol leue”, seit de frou. »Hia hie doch in jupe aan fen by de tachtich gôune.” »En in kip,” seit Hiltsje »fen twa en tweintich.” »En hy scil ek wol heard ha,” seit Hepke, »dat H. Holbomma sin pong wol forsion is.”

Sa waerd de saek in 't bréde bispritsen, en Hepke — sonder just in ienen alles to dwaen — tochte'r sa oer, dat, as 't dèr oan lei — hy wie fen ouskieden in stap foarût gien, den die er yet in stap. Sa 't nou stie masten dy kristelike dingen tsjin de tried mei pompen boppe wetter halden warden, it friet jild, it begaan him to bigrutsen. Hepke wier de freeds aan de beurs to Liowert. Dèr met er in kennisse efter Dokkum wei. Fen fierens *tante* er nou ris hwa dy S. Nyawierius wier, en dat kaem ût lik as er tocht hie in eigenerfde boeresoan. Liberale lioue, mar rîk. Fol fen in swiete fieling ringen in rike skoansoan to hebben, kaem er t'hus, en hy forkleare oan 't wiif en de dochter dat er oltiid tocht hie, dat de Heare sîn winsk in dissen yet forheare scoe. Hia masten de moaiste apels nou foar de glèsen lisze. Hiltsje foaral, en mei lodderein en pepermuntoly sorchje dat se in friske locht oan hiar halde, en it biibellezen scoe men sniûn to jôun mar oer gean litte om gjin »aanstoal“ to jaen. Men scoe in de foarkeamer sitte, dèr stoe ek in piano, der Hiltsje ût hiar sels op learde, en as de jonge lioue oan 't fryen ta kaemen, den scoe'n se in

Hiltsje hiar keamer gean, hiar sliepkeamer, dèr bihang oan de murre siet fen trye gôune de rolle, lik as se elk fortelden dy hiar hûs biseach.

De joun kaem. It wier nuver ho Hiltsje sorge en lange. Dèr kaem nimmen de dik del of dat koe er wèse. Op it lest ried hiar immen op in hinser foarby. Dy knikte hiar ta, en jaege tröch. Dat koe er wèst ha. »Den bringt er moglik it hinser by Ottes" sei Hepke. Otte wier de kastlein. En ja sa wier it. Sape brocht it hinser in de herberg. Hy hie him earst al wiise létten wer Hepke wenne, dèrom knikte er dèr sa in. In de harbarge wieren se neiskierich wer de feint hinne scoe, dat giet sa in litse dorpkes. Nou Sape wier hwet moelrip. Hy tocht' er sa oer, in knap frommis, en ienichste erfgenaem, deftich spil — to divel — ik ha er my net foar to skamjen. Do er likwols sa folle los litten hie dat de kastleinske lont rûkte, dat Hepke's Hil de eare wachte, do seach Sape wol dat er gekoanstekkende gniisd waerd. »Blixem" tocht' er, barn ik my moglik? It roan sa fier dat er de kastleinske allennich rôp, en frége of oan dy faem in stekje los wier, dat se moglik in bern hie, of sa hwet. Do lake de kastleinske wer, en dy sei dèr koe er op oan, soks wier er neat to dwaen. Dèrta wier se nea in 'e forsikinge brocht. Kastleinske lake mar, sei se, dat Hil nou yet ris prioue scoe ho swiet in feinte tutsjé smakke, söks wier hiar nea oerkaem." »Hwet divel!" sei Sape, »den ben hier ek gjin kerels." Dèr bliou it by. De kaam mast yet ris troch it hier, en dèr mei stapte Sape er op los. Hy hie nou net fier rinnen, en scoe bisiden de husinge lâns nei esteren, dat wier 't gewone paed, mar Hepke — wol op sin iepenst — wier ringen by de foardoar en wonk. »Jou matte hier tink ik wèse, hab ik de ear Nyawierius to sjen?" »Ja wol," sei de feint, »ho giet it jou?" Hia fusken, en ringen siet Sape op in kessenstoel, mei de foeten op in moai tapit by in mahoniehouten tavel, alles like treflik. Hy foun er de mem en in faem, dy er net wiste of se ald of jongwiif wier. Hy tochte: fèst in sister fen de vrou. Dèr sweemde se wol hwet nei. Men hie 't gau drok; benaemen oer 't sindingsfeest. Dèr hie men sa'n wille hawn. Dat prefester Beets by sa'n idel feest kaem, koe Sape him net bigripe, sei er, dy oare domenys wier men 't wol fen wend dat se om oan de duit to kommen, de wierheit mei in stien oan

hals fordronken, mar Beets, Beets! woe er ha scoe earlik wèse, sa babbele Sape, altiid tinkende dat er lioue foar hie dy tochten lik as hy, er mar op los. It fiûr waerd Sape nei oan de skinen lei'n, hie 't net om sin bern wèst, dèr wier in raer gefecht kaem. Dèr waerd win skonken, en taert dèr by lâns, Sape tocht': dit is hier in bëst libben.

Mar op it lëst frége'r wér of de boer sîn dochter bliou? hia scoeden dochs wol wite dat er dy skriûn hie om joun to kommen. »Ja wol,» sei Hepke, »jou wirde ek torwachte, dèr sit se." »Hwet deale — jou?" frége Sape, »Menske ik hab jou net siôun." »Ho kom j'er den ta hiar to skrieuen?" frége Hepke. »Ja," sei Sape, »siûch dèr wieren twa sammen by jou waonsdei, wei? Nou do seach ik dèr ien fen, dy hie 'k in de recken. Do men my forkleare hwer jimme wei wieren, in dat jimme mar ien bern hieden, twiivele ik net of ik mast hier wèse, mar jou ha 'k net siôun menske! Ik seach jou to hieltiid oan foar de frou hiar sister." O wé, dat komplemint wier to grou. Hiltje kleurde ta oer de earen. »Mar dy oare faem dy do mear by jo wier, scoe 'k dy den miend ha? Hwa wie dat?" »Dat wier ûs skroar, feint," sei Hepke, »en alhiel jins gading net. It is in earme skoalmasters widdow bern, sa keal as in ein fen trye daegen."

»So," sei Sape, »wennet se hier den oars tichte by?"

»'t Is my gjin anderd wirdich" sei Hepke, »jou habbe in brief skriûn oan mìn dochter, en wy miene jou hier ha to matten, dèr sit mìn dochter, en as jo gjin sliocht mirakel wèse wolle, den rik jo hiar de hàn."

»Boer", sei Sape, »hier is misfor-stân in 't spil. Ik wol gjin faem bedraege, it moeit my onkristlik dat ik sa dwaeld ha, mar jou dochter wîs meitse dat ik om hiar kaem, dat ken ik net, dèr ben 'k to earlik foar. Forjow it my faem" sei er tsjin Hiltje. »Jou habbe fêst folle sukkele dat nimt flësk in bloed, betterskep. Boer en frou de ségen, ferjow it my dat ik hinne gean, ik hab in malle bok sketten."

»Gemiender — ha 'k yet nea hwet bilibbe", rôp Hepke. »Bist dérom kaem om ûs to hunjen en mìn dochter to bloumearjen? — fordommeling! dèr 'k my sa om bisondichje, ik woe datste spjalste. Bist derom kaem? om ûs, dy ta 't Hearen folk heare, to biskimpen. Flok oer sokken, dèr ût! der ût! mar smarlap."

»Boer! jou ha jo fêst ek wol is forsind."

»Dèr ût! Ik wol dy net mear sjen noch heare, kreeft."

Do Sape nei sa'n alteraesje wer in 'n harharge kaem , en ek al hwet fen 't stik , barste de kastleinske ût sen loaitsen.

»Ho is 't nou" sei se , »blau rôun ?"

»Gled wei," sei Sape. »En mei lilkens."

»Hwet wieren de reden dochs" sei de frou , »wy hearden joun dat se wonderlik in e snijt west hieden mei jins komst.

Hiltsje hie de brief fen jou hier en dèr lèse littin , en de boer sels hie er jister mei oan de beurs west to Liowert."

»Ougrislik" sei sape , »wol nou wy wieren it net iens in 't gelove , ben 't fine mensken ?"

»Nou , kom dèr mar om , wisten jo dat net ?"

»Ne" , sei Sape , »o diwel hwet ha 'k my den forbabbele."

»Mar my tochte dèr scoen se nou net op sioun ha. Dèr miskearet mear oan baes ! as in slinske kat in poat mei molke fint stekt se de snute er grétich in , en fréget se net hwet er op 'e boayem fen 'e poat leit , sa tocht my scoe 't Hiltsje ek gien ha."

Hiermei waerd it petear oubritsen , de kastlein kaem in , dy hie to skearen west , en nionken him wier in jongfaem , en dat wier wrichtich nimmen oars as Gepke , dy de kastleinske hiar nye jurk t'hus brochte en mei de kastlein gien wier.

»Dèr ha jo min man , " sei de kastleinske , »en dér ha we wrichtich Gep yette mei min jurk. Hest him klear krige , ik tochte ho 't is komme scil ?"

»Ja," sei Gep , »de frou is sa gau onreastich , ik ha wol hier seach se Sape in 't wesen , en Sape hiar — en gled fen de wiise forlear se de tried — »jou sioun — ik — ik woe sisze klear—"

»Hearink hwet begjinst do to stammerjen , " sei kastleinske. »Hia is leau ik wrichtich fen de wiise dat se jou hier siucht , " sei se tsjin Sape. »Dat is yet in fry feint hertsje , as hest him nea earder sioun , hald dou er dèrom de holle mar foar , hwet sisze jou feint ?"

»Ja," sei Sape , mar 't lud trille hwet , hwent hy tochte : dat is se , »de skroar hoeft foar my net bang to wesen."

»Wrichtich net , " sei de kastlein , »dèrfoar hest to folle manliu's flèsk oan dy ."

»Och , hwet ha jimme in gemael , " sei Gep , »wol de frou te jurk joun passe , of scil je 't mar weachje ?"

»Gean efkes sitten , " sei de frou.

»Ik ben oars nedich foart , " sei Gep. Gepke gong sitten

en de kastlein brocht hiar in bramboaske. Kastleinske gong
mei de jupe in d'oare keamer, en de kastlein mast nei
foaren, dèr hälde in rituch.

Sape sei neat, en —

Gepke sei likefolle.

Sape sloech it each nei de reekwolken, fen sín sigaer,
omheach. Gepke seach nei neat, omleach.

Beide wier de wiide jachtweide to krap. Beide woeden
se wol neare oars wèse en dèr siif uren fen dinne, ta'n
gelik. Lokkich de kastleinske kaem wer mei de nye jupe
oan en dy siet sa 't hearde. De kastlein kaem wer in, en
Gepke hie hiar boadskip forriuchte, en sei dat se hird foart
mast. »Den wol ik jo in eintsje bringe." sei Sape, »ik hab
boadship oan jou." »Dat hoeft net," stammere Gepke sa
hwet, mar 't roan net flot, hwent it mast wol. Gepke wier
gled fen 'e streek. Sape hie hiar gau op side, it roan oer
Feankleaster. Ho er wiste dat hia hiere wenne, ho er in
biusterbaerlike bok sketten hie, troch nei Hepke's to rin-
nen, en mei dat er dit sei wieren se nionken boer Hepke
sín tún, en pof — dèr fleach roedend efter hiar in koegel út
in gewear of pistol oer 't pear. »Dat is op my munte,"
ròp Sape. »Kom foar 't liocht blixem, en ik seil dy stean."

Mar 't bliou stil, en it wier to tsiuster om to sjen hwet
dèr in beamte oer de greft skele. Gepke sei, »kom mei
hiu, dou bist hier net feilich." Sape woe 't hiem op, mar
hy fielde wol dat dy it fit ut 'e wei set hie, net to finen
wier; hy gong, en do er by Gepke memme went wier hie 't
fanke de kreft net om de feint gean to litten, en do mem
de storie hearde, woe disse net lye dat de feint wer gong.
Hy wier to goed om formoarde to wirden. Hepke sín feint
dy noch finder wier as de boer, jaege wol, hiar tochte dy
scoe it dien ha: »Mij is de wraak" seit de Heare, »Ik zal
't vergelden," der tinke se net om, sei Gepke mem. Sape
wier ríngen tús. Hy krúpte Gep op side en makke fen sín
hert gjin moardkûle, en dèr Gepke allike opriucht wier,
leien de hænnen, dy in or to Feankleaster fielden, nou
foar goed in in or.

It bliou net by ien komste. De alden fen Nyawierius benne
mei 't boask in 't skik. Hia siugge om in pleats, en oars
geane de jonge lioue earst in in keamer, mar 't giet takomme
Maye oan.

Hepke en hiar rekken er mal mei op de tromme, Hepke is sint helte frômer warden. Hy seoe wol fiür en flam spuie — mar den is Gep er wer, mei dy malle set dèr by Blaam to Stiens. En dat leit him it swyen op.

Gepke het it nea in bertling forteld oars as oan my — en ik koe 't net swye, hawar. Mar nou ha ik sorge de namme fen it dorp net to neamen, sa dwaende is 't doch geheim. Hwet Hiltje oangjit dèr fen ken ik yet meidiele dat Hepke foar sijn rekken in jongfeint stedearje lit ta domeny, in earme skoenmakerssoan, dy op hantaesten onthjitten het, as er klear is, Hiltje ta sijn wiif to nimmen. En — dèr hy in feint liket oan hwaens siele hwet bard is — nei 't Hepke seit, seil men net hoeve to sorchjen dat hy er wer foar omdrait. In de hope pastoarske to warden, dyt Hiltje er mar op in, en het se in winterkîp krike foar acht en tweintich gôune.

Sape en Gep meije 'r op sjen.

Dat Gep nou net mear by Hepke's nait, seil nimmen fremd fine.

Hwet in storie fen dat Sindingsefest. En Gepke mem, dy nou alles klear wit, seit wol: »Hie 'k in pear mofven to lien krye kennen for Gep, den hie er neat to dwaen kaem.»

Dat fielen fen waerme hânnen — it jowt hwet to dwaen op in Sindingsefest.

Birgum,

6 en 7 Augustus 1877.

T. G. VAN DER MEULEN.



FORFOLCH.

Do 'k disse stoarje sa fier boekstavere hie, en wol op-paste er neat ou noch ta to dwaen, om ik hald net fen liigen, lies ik it stikje Sioukje en hiar man — de selde der Houkje de mofven to lien frége — foar. Ik kom dér folle om trôch dat de lioue gjin bern ha, meije se graech oer in prater.

Sioukje foun it moai, mar Date, Sioukje hiar man, dat in forsichtich man is, mei in klear forstân, makke 'r qanmerkingen op.

Foar earst, »sei er,» is 't stik -- ho wier ek, in skamskoat foar de orthodoxen. Dèr mei jo oan d'iene side eare mei bilihje, de woltinkende fint it net moai. It is gjin menske gind om oarstinkende to beskimpen. Ben jou net orthodox en ik net, dat komt dat wy onder oare omstandichheden great brocht, ta in fry ondersik kaem benne, hieden jou en min alden orthodox west, wy wieren dèr fen jongsou in great brocht, en den hieden wy it fèst ek wèst. En scoeden wy den net tsjin dat skimpen aan, helte steanfestiger ûs begjinsel hanhavene ha? Stipet dos sok skrieuen de haet in twadracht net? My tinkt fen wol. Krekt as Hepke nei disse slach in sin gemiente döcht hwet er ken cm de bisondere skoale boppe de algemiene to kryen, sa giet it alle oarstinkende as se biskimpt werde.

Nen ien gelove der bûten.”

Ik sei: »Dat ken sa wèse, mar jowe de orthodoxen ek net jamk mei 't fordraijen fen de wierheit falske foarstellingen fen ûs liberaliteit?» »Dat scil ik net tsjin sprekke” sei er, »mar ha jou ruicht min to wirden as in oar min is?

Dit is 't merk der wiere liberaliteit, dat it boppe forskaet fen mieming it wiere, ta lok fen alle mensken stipet, en hia bikreunt er hiar neat om ho se minachte wirdt. Hia segent dy hiar forflok, en dat jowt hiar de kreft dèr oerwinninge. Net it skimpen rachgen en skellen mar wierheit in lieafde.”

Ik sei: »Nou jou praete er goed oer, wit jo hwet, den lit ik dit stikje net printsje.”

»Nou” sei Date, »dat scoe 'k mar rinne litte, it is nou skriün, mar om jo sels sege 'k jo rieden, to nei forsichtiger to wèsen, jou matte opboue en net slope, en dat dogge jo as jo skriene lik as nou.”

»Mar dat se op 'e feint skeaten, wier doch forflokte min” sei Sjoukje.

»Dat ha jo goed” sei Date, »mar 't is nea ût komd hwa dat dien het, ek wit me net of Hepke dèr de minste skuld oan het, it jowt v. d. M. it minste ruicht net om oarstinkende to to biskimpen. Ek is de útering dy er Sape in e moele leit, dat de orthodoxe prekers de wierheit fordrinsje, is fierst to skerp. Dy mensken scille hiar stellinge wol fordedichje, of is 't ek op in forkearde grôun, en as hia in wierheit miene hwet se sissem ha se in fry gewisse.”

»Se kenne onmogelik miene hwet sepreekje" sei 'k. »Krekt sa min as dat de priesters it bigelove stipje, tröch de forskinninge fen Marye to biféstichjen. Hwet sisse jou Sjouwkje?"

»Us beppe" sei Sjouwkje, »leaude oan tsioenen, hia koe gijn kat by de widse sjen. Us mem wier sa folle foarùt gien dat hia leaude net oan tsioenen, mar dochs hie se it net op katten stean. Ik ben wer sa folle fierder, ik leau net oan tsioenen, en ik mei graech in kat lye, lik as jo siugge sit ik nou yet mei ien op 'e skirte. Sa went it bigelove nionken litsen fen sels ou."

»Just," sei Date, »en ta dy foarùtgong in 't gelove en 't bigelove mei to wirkjen dat is 't wirk fen de liberale. Mar hy docht dat troch learing en onderriuchting, den folget de oerwinninge fen sels."

»Nou" sei ik, »ik tankje jou Date, ik scil er in les oan nimme, mar ik scil min stoarje fen Gepke, mar jaen sa't is."

»Ja" sei Date, »en dy er wol oer tinkt ken er ût leare dat in Sindingsfeest, hiel folle oare folgen het as mennichien mient."

»Ja" sei Sjoukje, »en dat de lieafde en fryerye dèr tagong sikut, ho froed en fròm men elkor dèr forguldsje mei."

»Just" sei ik, »en dat er buten de prekers in bilte komme dy mei 't wit fen dat feest neat op ha, en er ek gjin bilang in stelle. Mar elts sikut er wille op sin eigen wiise."

»En as 't er alle fammen sa goed ou giet as Gep" sei Sjouwkje, »dat se 'r sa'n tsep feint oudraijs, den is sa'n Sindingsfeest net om in nocth wèst."

»Wy wolle mar hoopje," sei Date, »dat alle pearen dy hiar dèr forbine, lokkich wèse meije, dat wier in kroane foar 't Sindingsfeest."

Sa eindige ûs petear.

Ik hoopje mei Date sin les oan my wînst to dwaen.

De groetenisse,

T. G. v. D. MEULEN.

25 September 1877.

f3578

Bij **T. G. van der MEULEN**,
T E B E R G U M,

kan worden ingeteekend op het: »Weekblad voor
het Kanton Bergum.”, dat door veler medewerking,
oorspronkelijke stukken levert, en op verzoek een in 't
friesch geschreven feuilleton bevat.

De wijde kring waarin dit blad circuleert, biedt
een doelmatige gelegenheid aan voor adverteeren.

Prijs per half jaar, franco per post f 1.60.